

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
o.f. Mr. drs. H.G.J. Bruins Slot  
Postbus 20011  
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 7 febrewaris 2023

Rju achte minister Bruins Slot,

Yn dizze brief freget DINGtiid, yn it ramt fan de tariedings fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 (BFTK), jo omtinken foar it opstellen fan Frysk taalbelied by Ryksútfieringsorganisaasjes.

Yn 2019 hat DINGtiid op fersyk fan it ministearje fan BZK, by wize fan casestudy, yn kaart brocht hoe't de Belestingsjinst, RVO, UWV, DUO en Meldkeamer Noard-Nederlân it Frysk mûnling en skriftlik brûke yn harren kontakt mei boargers. Dat resultaat yn 2020 yn in advysrapport<sup>1</sup> dat oan BZK en Provinsje Fryslân oanbean waard. Ut de casestudy docht bliken dat de Ryksútfieringsorganisaasjes bekend binne mei de wetlike posysje fan de Fryske taal, mar dat gjin fan dy organisaasjes spesifyk Frysk taalbelied opsteld hat. Yn in ynhâldlike reaksje hat minister Ollongren fan BZK doedestiids witte litten, dat sy, nettsjinsteande de ûnôfhinklike posysje fan Ryksútfieringsorganisaasjes, posityf stiet tsjinoer it nimmen fan ferfolchstappen troch de Taalskipper.

De Provinsje Fryslân fierde yn 2020, yn oparbeidzjen mei de Afûk, ferfolchpetearen mei de Ryksútfieringsorganisaasjes. Mei as doel om harren teoretyske en praktyske hânfetten oan te bieden, en te kommen ta taalbelied en de útfiering dêrfan. Dat proses waard fuortset yn 2021, mar hat der oant no ta noch net ta laat dat dy organisaasjes Frysk taalbelied opsteld hawwe.

Yn it besprek yn de Twadde Keamer oangeande de Fryske taal (desimber 2022) hawwe jo oanjûn dat jo jo graach ynsette wolle foar de befoardering fan it Frysk. It útfieren en stypjen fan Frysk taalbelied by Ryksútfieringsorganisaasjes slút dêr goed en ienfâldich by oan. Troch it opstellen en ymplementearjen fan Frysk taalbelied by Ryksútfieringsorganisaasjes op te nimmen yn de nije BFTK, kinne jo dat stribjen konkretisearje. It sichtber brûken fan it Frysk binnen dy organisaasjes komt dat boppedat ek te'n goede.

DINGtiid advisearret jo dêrom om Ryksútfieringsorganisaasjes bydrage te litten oan de doelstellingen fan it Ryk en de Provinsje. Wy advisearje jo om yn de BFTK 2024-2028 op te nimmen dat Ryksútfieringsorganisaasjes uterlik foar 2026 (mei de tuskenevaluaasje fan de BFTK) Frysk taalbelied opsteld hawwe en dat sy foar de ein fan dy BFTK-perioade harren taalbelied ymplementearre hawwe. De Afûk kin stipe jaan by it opstellen en ymplementearjen fan taalbelied.

---

<sup>1</sup> <https://dingtiid.frl/utfieringsorganisaasjes-wolle-oan-de-slach-mei-it-frysk/>

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

Fansels is DINGtiid altyd ree om fierder mei jo fan gedachten te wikseljen of fragen te beäntwurdzjen.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid

In ôfskrift fan dizze brief giet nei Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân.

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. Mr. drs. H.G.J. Bruins Slot  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 7 februari 2023

Geachte minister Bruins Slot,

In deze brief vraagt DINGtiid, in het kader van de voorbereidingen van de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2024-2028 (BFTK), uw aandacht voor het opstellen van Fries taalbeleid bij Rijksuitvoeringsorganisaties.

In 2019 heeft DINGtiid op verzoek van het ministerie van BZK, bij wijze van casestudy, in kaart gebracht hoe de Belastingdienst, RVO, UWV, DUO en Meldkamer Noord-Nederland het Fries mondeling en schriftelijk gebruiken in hun contact met burgers. Dat resulteerde in 2020 in een adviesrapport<sup>2</sup> dat aan BZK en Provincie Fryslân werd aangeboden. Uit de casestudy blijkt dat de Rijksuitvoeringsorganisaties bekend zijn met de wettelijke positie van de Friese taal, maar dat geen van die organisaties specifiek Fries taalbeleid heeft opgesteld. In een inhoudelijke reactie heeft minister Ollongren van BZK destijds laten weten, dat zij, ondanks de onafhankelijke positie van Rijksuitvoeringsorganisaties, positief staat tegenover het nemen van vervolgstappen door de Taalskipper.

De Provincie Fryslân voerde in 2020, in samenwerking met de Afûk, vervolggesprekken met de Rijksuitvoeringsorganisaties. Met als doel hen theoretische en praktische handvatten aan te bieden, en te komen tot taalbeleid en de uitvoering hiervan. Dit proces werd voortgezet in 2021, maar heeft tot op heden er nog niet toe geleid dat die organisaties Fries taalbeleid hebben opgesteld.

In de bespreking in de Tweede Kamer betreffende de Friese taal (december 2022) heeft u aangegeven dat u zich graag wil inzetten voor de bevordering van het Fries. Het uitvoeren en ondersteunen van Fries taalbeleid bij Rijksuitvoeringsorganisaties sluit hier goed en eenvoudig bij aan. Door het opstellen en het implementeren van Fries taalbeleid bij Rijksuitvoeringsorganisaties op te nemen in de nieuwe BFTK, kunt u dat streven concretiseren. Het zichtbaar gebruiken van het Fries binnen die organisaties komt dat bovendien ten goede.

DINGtiid adviseert u daarom om Rijksuitvoeringsorganisaties te laten bijdragen aan de doelstellingen van het Rijk en de Provincie. Wij adviseren u om in de BFTK 2024-2028 op te nemen dat Rijksuitvoeringsorganisaties uiterlijk voor 2026 (met de tussenevaluatie van de BFTK) Fries taalbeleid hebben opgesteld en dat zij voor het eind van die BFTK-periode hun taalbeleid hebben geïmplementeerd. De Afûk kan ondersteunen bij het opstellen en implementeren van taalbeleid.

---

<sup>2</sup> <https://dingtiid.frl/nl/uitvoeringsorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries/>

Uiteraard is DINGtiid altijd bereid om verder met u van gedachten te wisselen of vragen te beantwoorden.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster  
Voorzitter DINGtiid

Een afschrift van deze brief gaat naar Gedeputeerde Staten van de Provincie Fryslân.